

Ynspraakreaksje foar Ried Achtkarspelen op 12 novimber 2020

Achte ried,

Tank foar de mooglikheid om op dizze wichtige dei nochris reagearre te kinnen op it útstel fan Ben W yn de mearjierrenrûzing, om de folsleine subsidiëring fan De Wâldsang te skrassen fanôf 2022.

Dit útstel hat ús en de mienskip fan Achtkarspelen ferbjistere. Om de yngrypende effekten. Mar ek omdat it berjocht as in tongerslag kaam by mooi waar en omdat de gemeente hjirmei folslein yngiet tsjin it eigen belied. De gemeente hat altyd sein dat it musykûnderwiis fia de Wâldsang tige wichtig is en dat stypje bliuwe wol. Ek is yn 2018 yn bywêzigens fan Keninginne Maxima noch it Konvenant "Meer muziek in de klas" ûndertekene. Yn it kolleakkoard stiet dat dêr sels mear jild foar frijmakke wurde sil.

Fansels begripe wy de finansjele need. Mar de finansjele opbringst fan dizze besúniging stiet totaal net yn ferhâlding ta de maatskiplike skea dy't dit permanent ta gefolch ha sil. De ôfrûne wiken hawwe wy it kolleezje en jimme as ried der al breed oer ynformearre. Ik wil derom no folstean de effekten noch koart te neamen.

Earst de finansjele feiten. It kolleezje rekkent him ryk mei in netto opbringst fan € 288.000 . Mar dat kloppet net op 3 punten:

1. Wy betelje hier oan de gemeente foar de gebouwen fan € 64.000,-- Dat kinne wy straks net mear betelje. Dus ynkomstenderving foar de gemeente en leegstân.
2. Fan de fêste algemiene kosten is it oandiel Achtkarspelen € 88.000,-- . As jimme gemeente dat net mear subsidiearret moatte de oare gemeenten dêr ekstra mei belêste wurde. Dy sille dat net oernimme mar de rekken by Achtkarspelen lizze.
3. Musykûnderwiis is ek preventieve jeugdsoarch. As dat foartfalt binne der grif mear kosten nedich foar repressieve jeugdsoarch. In beskieden rûzing is gau € 50.000.

Jimme moatte dus feitlik rekken hâlde mei mear as 2 ton legere opbringst. Der bliuwt dan mar goed € 80.000 oer as netto besúniging.

Dan noch koart de ynhâldlike effekten:

- 1300 bêrn yn jimme gemeente krije gjin muzykles mear op de basisskoallen;
 - Bêrn komme dus net mear yn de kunde mei muzyk meitsen.
 - Dertroch sille gans minder bêrn trochgean om in instrument bespylje te learen;
 - Foar ynstrumentaal ûnderwiis moatte de tarieven foars omheech. Dat sil foar in protte âlders beswierlik wêze. Dus noch minder bêrn op les foar in ynstrumint.
- No binne dat der noch 350.
- Gjin goede talieding en oplieding mear foar muzykkorpsen. Dus problemen foar korpsen.
 - Gans minder bêrn sille ûnderfine hoe mooi it is om sels muzyk te meitsjen.
 - De stimulearjende funksje fan musykûnderwiis foar de ûntwikkeling fan bêrn giet ferlern.
- Gefolch: mear bêrn mei problemen.
- De Wâldsang sil net mear bydrage kinne oan it kulturele leven yn Achtkarspelen, lyk as mei optredens en konserten.
 - De kans is grut dat de Wâldsang alhiel net mear trochgean kin yn Achtkarspelen.

Der sil, koartsein, kulturele en sosjale ferearming ûntstean by it trochsetten fan dizze besúniging.

Wy ha murken dat de mienskip fan Achtkarspelen grutte moaite hat mei dit útstel fan it kolleezje. Korpsen, skoallen, saakkundigen en maatskiplike organisaasjes ha dat de ôfrûne wiken witte litten oan ús of oan de gemeente. Of hawwe dat fia de media blike litten. Der wie en is in protte omtinken fan de media.

Mar foaral de ynwenners ha massaal in protestlûd hearre litten. Mar leafst minsken sizze yn in petysje dat De Wâldsang en syn aktiviteiten bliuwe moatte. Safolle reaksjes fan ynwenners is yn ferhâlding útsûnderlik folle. Dat jout dus hiel dúdlik oan hoe't de mienskip der oer tinkt.

Ik wol daliks graach de doaze mei de petysje oanbiede oan de foarsitter fan de ried.

Ta beslút: Goed 50 jier lyn wie Achtkarspelen de oprjochter fan de Wâldsang en hat al dy jierren de wichtigste drager west. Wy fiele ús ek mei de gemeente ferbûn. Wy kinne ús net foarstelle dat krekt dizze gemeente dêr no in ein oan meitsje wol.

Ik wol de ried oproppe de foarstelde besúniging op de Wâldsang net oan te nimmen mar hjoed te skrassen. Oars bliuwt it wol boppe de merke hingjen.

Feitlik meitsje jim hjoed dizze kar: Ôfbraak fan de musykkultuur én sosjale ferearming yn Achtkarspelen of it behâld derfan. Jimme as ried moatte dy kar meitsje. Ik winskje jimme dêrby folle wiisheid ta.

Dan wol ik no graach de petysje oanbiede oan de foarsitter. Tanke wol.

Teije Dijk
Foarsitter bestjoer Koöperaasje Kultuursintrum De Wâldsang